

# SINT PITER YN STEREO

GROU — Sint Piter hat al ieuwen ynsté fan Sinterklaes syn kommen to Grou, mar yn al dy jierren wie der noch nea in grammofaanplacet oer him makke. Dat gemis hawwe de Grousters nou mei man en macht yn foarsjoen. Hwa't ek midden yn 'e simmer to Grou of oars earne yn 'e Sint Piter-stemming komme wol, moat frál de LP oantuge, dy't hjit „Om'e âlde Sint Piter (Stereo 6810 118), dy't de Grousters yn eigen bihear oan'e merk brocht hawwe.

Dy âlde Sint Pieter is fansels de toer-en-tsjerke, mar de greatste helte fan 'e placet giet oer de Grouster plakforfanger fan de man fan 5 desimber. Hja meitsje yn Grou altiten in heap wurk fan „Sint Piter syn del", mei sjongen en muzyk, mei skoallefeest en skoalletoaniel. Alle jierren komt der in nij stik op 'e planken en hoe't dat om en ta giet, dêr is it mearke „Piter en it Marwiif" in alderaerdichst foarbyld

fan, ek al om't de Grouster bern der sa kostlik yn spylje, al hearre wy dan inheld harren lûd mar.

G. H. Vledder skreau de wurden fan it skeel tusken it „Wiif mei de blauwe mouwen" (in Grouster bangmakersfiguer) en Sint Piter. De âld tsjoenster wyl Piter yn har net biflappe, mar de Grouster tsjerkehillige is har oermânsk, dat hja moat ta it doarp út om earne oars op in fetsoenlike manear troch de tiid to kommen. It boas wiif wurdt treflik spile fan mefrou M. Dykstra-Planting en Piter koe gjin bettere spyldear winskje as E. IJsselstein mei syn steatlik lûd. Dêr komt in hiel rûfeltsje lietsjes yn foar, dêr't Cees Bylstra moaije, moderne muzyk by skreaun hat. Yn eigen arrangemint wurde dizze sankjes útfierd troch skoallebern en Bylstra syn kombo.

## ● Sankjes

Dat stiet allegearre op side twa, mar kant ien forjit Sint Piter ek net: „k Wit ien dei yn't jier" (it forneamde sankje fan C. Wielsma silger), „Us Sint Pieterfeest" (in nij dinkje fan Vledder-Van der Knoop), „Swarte Pyt" (in nellitten sankje fan Jan Eisenga) passe alhiel by it ûnderwerp. Ja, de brassband „Apollo" blaest sels in gloednige Sint Piter-mars (fan J. de Haan). „Apollo" lit him nammers faker hearre allyksa it „Grouster Mingd Koar", wylst ek de kombo fan Bylstra in great oanpart hat yn it sukses fan dizze echte Grouster produksje. Sa heart men njonken „De terp" in rige Eeltsje Halbertsma-sankjes yn in frisse en klankrike biwurking fan De Haan, mei as solist (stiet der, mar it moat soliste wêze) Cor Teakema. In krêftich

„Grouster Weagen" bislút dit fleurige,

goed-klinkende, fortsjinstlik útfierde gehiel. In placet alsa foar Grousters en net-Grousters en foar alle oaren dy't fan in Fryske LP fan kwaliteit hâlde.

\*

## Huiselijkheid

IK ZAG NIET de Moord in De Doele en u maakt me daarvan een verwijt. Of eigenlijk ons allemaal, die niet kwamen opdagen. Natuurlijk. De Doele moet bestaan en de Noorder Compagnie ook (en de krant) maar als men een hele week heeft gewerkt en dan eindelijk het weekend thuis komt, mag je dan alstublieft gezellig thuis zitten of moet je dan zo nodig de eerste de beste avond weer de deur uit. Ik meende dat huiselijkheid ook een deugd was.

Huisvader.

(Bolswards Nieuwsblad)

Ingezonden door Jantsje van der Vliet, Marten Jansweg 39, Lippenhuizen, die daarmee de eerste prijs van f 50 heeft verdiend. De tweede prijs (25) is voor J. Zijlstra, Ernst Casimierstraat 14 in Sneek met: 't Is een hele toer om een parkeerplakje te fienen.

Overigens inspireerde het plaatje van deze week blijkbaar niet zo erg. Het aantal inzendingen was veel kleiner en er waren weinig goede bij. Volgende keer beter.

